

Speech KfdK drs. A.A.M.Brok, Rede van Fryslân 24/11/2022

Sprutsen wurdt telt.

Eksellinsje, leden fan de Earste en Tweede Kamer, monseigneur, achte oanwêzigen, fysyk of online fia de stream: wolkom by de alfde Rede van Fryslân.

Ik bin tige fereare mei de sprekker, ús minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes Hanke Bruins Slot.

Sy sil, sa at de tradysje fan de Rede wol, Fryslân in spiegel foarhâlde mei it each op de takomst.

Wy hawwe op 'e nij in moai tema dit jier by de Rede, de takomst fan it Frysk.

It Frysk en hoe't wy der mei omgean is as tema alom en altyd oanwêzich en ûnderwerp fan maatskiplik en polityk debat. At it yn it nijs is ropt it diskusje op. Dat kin ek hast net oars. Taal is in pylder fan ús identiteit. At immen oan de taal komt, komme se eins oan jo persoan.

Wy as provinsje draagt ferantwurdelijkheid en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer. Dat is yn de wet fêstlein.

Ferline jier is stilstien by Kneppelfreed, dat wie doe 70 jier ferlyn. En ek by Titus Brandsma, dy't hillich ferklearre waard, kaam de taal nei foaren... want Brandsma wie ien fan de earste ek foarfjochters fan it Frysk yn it ûnderwiis en yn it iepenbier.

Oer it generaal liket der wol in positive grûnhâlding te merkbiten ten opsichte fan it Frysk, mar dat wurdt yn de praktyk net genôch wiermakke, is myn stelling.

Sa as de tekst yn de steateseal ek sa moai seit, "it is mei sizzen net te dwaan."

Takom jier rint de 5^e bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer ôf weryn't provinsje en Ryk ôfspraken meitsje oer it Frysk. Wat my oanbelanget is de 5^e edysje minder braaf.

Dit jier waard troch de minister en de provinsje noch it Sichtberens akkoart ûndertekene, om it Frysk noch mear sichtber te meitsjen op strjitte. In moai risseltaat! Dit is bart nei in winsk fanút de Twadde Keamer fia in moasje.

Tige weardefol dat ús Haachske folksfertsjinwurdigers dat belang en wearde ek ûnderkenne.

De minister stiet posityf foaroer it Frysk, en dat jout moed en enerzjy. Dat docht ek bliken út it feit dat sy hjir hjoed is.

Op allerhanne mêd sette minsken en ynstânsjes harren yn foar de posysje en status fan it Frysk.

Meartalichheid is hiel gewoan. De helte fan de wrâldbefolking en dy fan Europa praat neist de memmetaal in oare taal.

Yn Europa binne sechstich regio's dêr't se njonken in rykstaal in eigen taal prate. Mar yn ús lân liket it noch bysûnder...

We moatte fyn ik mear de fokus lizze op de skjintme en krêft fan in eigen taal. De tafoege wearde. De ekstra betsjutting dy't it hat en benammen yn de Europeeske kontekst.

De takomst fan ús taal leit ek by de jongerein. Dêrom mear Frysk yn it basisûnderwiis. 70 trijetalige skoallen is echt posityf mar net genôch.

Mar boppenal: wy moatte útdrage dat it Frysk gjin geunst is mar in rjocht, op strjitte, yn de winkel, yn it ûnderwiis, yn de rjochtbank en yn de wittenskip.

Taal is der om te brûkt te wurden. Troch jo en my. Ek yn it offisjele ferkear. En dat is normaal net bysûnder...

Soe it net moai wêze dat jimme aanst yn myn twadde amtstermyn net mear sizze: “Wat aardich kommissaris dat jo altyd Frysk prate yn it iepenbier....”

De kommissaris praat as minske ek gewoan Frysk, hy stapt alle dagen ûnder de brûs en set ek de kontener bûten. Dêr is neat bysûnders oan.

Taal is in libben organisme dat mei de tiid meigiet. Jongerein ûntwikkelje op sosjal media manmachtich in hiel eigen nije styl Frysk mei in eigen stavering. It jout oan dat it Frysk noch hieltyd hip and happening is. Men skammet him der net foar om yn it Frysk te appen, se binne der grutsk op!

De taal is foar de nije generaasje en ik bin dan ek hiel bliid dat der hjir ek jongerein binne, eineksamenkandidaten Frysk fan it Piter Jelles Lyceum en ek MBO- en HBO- en Universitêre-studinten mei in leafde foar de taal.

Us taal *vitaa!* hâlde is in ferantwurdelijkheid fan ús allegear.

Fan Ryk, provinsje en gemeente. Mar boppenal fan de ynwenners sels. Fan pakes en beppes, heiten en memmen, fan broerkes en suskes.

Want taal bynt ús, yn de provinsje dy't ús allegear leaf is.

Ik winskje jo in noflike en ynspiraasjefolle middei ta.

